



# **DE ERFENIS FAN MUOIKE BELLA**

**(Tante Bella's beauty salon)**

**In klucht yn trije bedriuwen**

**fan**

**HENK ROEDE**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE ERFENIS FAN MUOIKE BELLA – TANTE BELLA'S BEAUTY SALON** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de letter-grootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**BEREND DUURSMA**, skilder en neef fan muoike. Wit hiel goed hoe't alles moat, mar is wol gefoelich foar stres.

**ALBERT DUURSMA**, net al te snoade boufakker, broer fan Berend en dus ek neef fan muoike. Makket him nergens drok oer.

**WIEPIE DIJKSTRA**, is oait nei Kanada ferhuze, mar is no foar even werom yn Fryslân. Byderhant type. (*kin ek troch in man WIEBE spile wurde*)

**MEFROU VAN DREUTEN**, (*oanjûn* as MVD) klant fan de salon, in sjike kakmadam dy't har graach yn de watten lizze lit.

**SUZAN BEENSTRA**, staazjerinner, moat noch in soad leare.

**DORA VEENDIJK**, klant fan de salon. Nimt it net sa nau mei de seden.

**NEELTSJE BAKKER**, klant fan de salon. Segrinige âld frou, is nooit aan de man kommen.

**GREET RUITERS**, klant fan de salon. Trochsneed hûsfrou.

**BASTIAAN NIKKELVEST**, in keurige, saaklike man. (*kin ek troch in frou BEA spile wurde*)

## **DEKOR**

Op it poadium stiet in achterwand mei yn de midden de foardoar. Links neist de foardoar stiet in lytse baalje mei in kassa en in telefoon derop. Yn de wand links sitte twa iepeningen mei elk in gerdyn derfoar, hjir achter binne de behannelkeamers. Neist de foardoar sit aan de rjochterkant in rût en yn de wand rjochts sitte twa doarren, ien nei de sauna mei sinnebank en ien nei de klaaikeamer. Op it poadium stiet aan de rjochterkant in sithoekje, dêr kinne klanten wachtsje.

## EARSTE BEDRIUW

(Berend en Albert komme tegearre op troch de foardoar, se binne beide yn wurkklean. Berend hat in pear bussen ferve, in roller en in amerke mei kwosten by him. Albert hat in arkkiste by him en ek in pear planken. Beide hawwe se gehoarbeskerming om de nekke hingjen)

BEREND: No, dêr binne we dan. Dit is ús erfenis!

ALBERT: In beauty salon, ik hie leaver wat oars urven fan dy âld tange.

BEREND: Hoesa? Sa'n saak is goud wurdich. We knappe de boel wat op en we sette it daliks te keap. It moat yntusken wol gewoan iepen bliuwe, want oars rint de klandyzje fuort en is de hiele saak neat mear wurdich. De klanten, dat is de goodwill en dy is jild wurdich.

ALBERT: Goed wil? 't Is wol goed mei dy.

BEREND: Albert, dat hâldt yn, dat at hijr gjin klanten mear komme, de saak net mear wurdich is as de meubeltsjes dy't der yn stean. In saak mei in goed klantebestân is lykwols folle mear wurdich. Je dogge net allinne de ynrjochting en it gebou oer oan de nije eigener, mar ek de komplete klantekring. Dan kinne se daliks oan de slach en sinten fertsjinje!

ALBERT: O sa. Ja, ik snap 'm. Dan meie we it wol sa oanpakke dat de klanten der gjin lêst fan ha en fuortrinne.

BEREND: Krekt. At wy it opknappen wat tusken de bedriuwen troch dogge, dan hoege wy ús oer dy klanten gjin soargen te meitsjen. Dêr is it personiel foar.

ALBERT: Hooplik sitte se ús net yn 't paad at wy hijr oan 't wurk binne. Hoe earder at we dizze toko ferkocht ha wat better. Kin ik einlings dy dreamfakânsje boeke. Sjoch ik al jierren nei út!

BEREND: Dreamfakânsje? Dêr ha ik dy noch noait oer heard. Wêrhinne dan?

ALBERT: Nei Diever.

BEREND: Man, mei de opbringst kinst wol nei de Maladiven!

ALBERT: Dat soesto dan wer wol dwaan, mar gelokkich bin ik noch altyd de wiiste fan ús beiden.

BEREND: Wat bedoelst?

ALBERT: Do kinst fan dat jild miskien wol nei de Maladiven, mar do moatst der ek wer wei. En dêr hiesto fansels wer net oan tocht.

BEREND: De wiiste fan ús beiden?

ALBERT: Ik fyn it wol wat hear, dat we fanmoarn daliks nei de begraffenis hjir al hinne moatte te timmerjen.

BEREND: Des te earder binne we dizze tinte wer kwyt. Do wolst by dyn freonen doch net bekend stean as de eigener fan in beauty salon wol?

ALBERT: Ik hie net iens tiid om my om te klaaien.

BEREND: Nee, it like ek nergens op datsto yn dizze klean neist it grêf stiest.

ALBERT: It wie oars mar handich dat ik wat ark by my hie, doe't de kiste net ticht woe. Mar wat bist allegear fan doel hjir?

BEREND: Ik smar in nije kleurke op de wanden, dit is wol in bytsje jierren tachtich en atsto dan even by alles delrinst en makkest wat stikken of skansearre is. At it foar 't each mar wer kreas is, de rest boeit my net. Dan hingje we gau it buordsje 'te keap' foar 't rût.

ALBERT: No it sil my benije wat we allegear tsjinkomme hjir. Ik ha net it idee dat muoike mei de salon echt mei de tiid meigongen is de lêste jierren.

BEREND: Jierren, desennia silst bedoele. Goed, mar we moatte hjir no earst mar es aan de slach.

ALBERT: Goed plan, sille we mei it belangrykste beginne. Wêr is it kofjesetapparaat! (*Albert rent sykjend by alle doarren del. Berend set syn spul ek del en sjocht om him hinne. Albert ferdwynt nei de klaaikeamers. MVD komt op troch de foardoar*)

MVD: Goemoarn! Mefrou Van Dreuten, en jo binne?

BEREND: Berend Duursma, in muokesizzer fan Bella. Myn broer en ik binne no de grutske eigeners fan de salon.

MVD: Sa rinne jo der oars net by!

BEREND: Nee, ik bin skilder.

MVD: Skilder, in artistikeling, wat ynteressant. Ik skilderje sels ek moatte jo witte, dat skept in bân, wy tinke itselde.

BEREND: Eh... ja...

MVD: Ik bin fansels mar in amateur. Mar myn Frederik-Willem seit altyd dat ik talint ha. Mar sis, wat tragysk fan jo muoike. Oerriden troch in trein.

BEREND: Ja, mar it meast tragyske is dat it net iens har eigen skuld wie.

MVD: O nee?

BEREND: Nee, sy kaam fan rjochts.

MVD: Mar wat fijn dat de salon sa gau wer iepen is. Ik wie wol wer even aan in beurtsje ta. Net dat it oan my te sjen is fansels. Elkenien seit altyd dat ik der noch hiel jong útsjoch foar myn leeftiid. Wêr rûze jo my op?

BEREND: Eh... 60?

MVD: ...Goed, it wurdt dus heech tiid dat der wat oan dien wurdت.

BEREND: Dat is gjin probleem mefrou, wy kinne der foar soargje dat jo der wer 10 jier jonger útsjogge.

MVD: Dan soe ik der dus útsjen as 50 en ik bin 47!

BEREND: At jo even tiid dogge, it personiel sil sa wol komme om jo út jo lijen te ferlossen.

MVD: Personiel? Toe mar, jo pakke it daliks mar rigoereus oan. Bella hie noait personiel. Se die alles allinne.

BEREND: O, allinne... dus... eh... (*Albert komt op út de klaaikeamers*)

ALBERT: Der is hijr allinne mar fan dy goare griene tee en branneteltee, mar nergens kofje!

BEREND: Ah, sjoch es mefrou, it personiel is der!

ALBERT: Personiel? Wêr?

MVD: Dy man? Is dy dêr wol geskikt foar? Liket my nochal in rûge donder ta.

BEREND: Mefrou, dat is myn broer. Hy stekt safolle tiid yn it fersoargjen fan oaren, dat syn eigen fersoarging der wat by ynsketten is.

MVD: En ek net in bytsje...

BEREND: Meitsje jo gjin soargen. Dizze man hat gouden hantsjes. Gean râstich sitten. Wolle jo faaks in kopke griene tee?

ALBERT: Of fan dy branneteltee?

MVD: Doch my mar griene tee, goed foar de mage en de terms.

ALBERT: Moatte jo it sels even sette, it stiet dêr.

BEREND: Eh... grapke fan myn broer fansels. Meitsje jo gjin soargen.

MVD: Eigenaardige man, dy broer fan jo. Of is jo broer ek sa'n eksintriKE keunstner as jo?

BEREND: Och, we sitte sa'n bytsje yn itselde segmint...

MVD: (*yn harsels*) Grif in byldhouwer, like artistyk as jo fansels. Fan dêr dat woeste uterlik!

BEREND: Eh, jo hawwe it hielendal troch mefrou. (*Berend is yntusken nei Albert tarûn en nimt him even apart. MVD is yn it sithoekje delstrutsen en sit yn in wykblêd*)

BEREND: Sjoch Albert, it sit sa. Der is dus hielendal gjin personiel.

ALBERT: Ja. En?

BEREND: No... eh... de saken sille hijr doch wol in bytsje trochgean moatte. Dus ik siet te tinken, at ús muoike Bella, dy't no ek daliks net ien fan de snoadsten wie, sa'n tinte draaiende hâlde koe, dan soene wy dat tegearre ek kinne moatte.

ALBERT: Ja, ho es even! Wat witte wy fan krêm en salfkes? Ik ha moarns al genôch muoite om myn eigen hier yn 't fatsoen te krijen. Dat wurdt neat!

BEREND: Och man, sa dreech kin it net wêze. Ik as skilder en do as timmerman hawwe beide al mannich monumint opknapt. Dit is presys itselde. (*wiist nei MVD*) Mar dan net mei huzen, mar mei minsken.

ALBERT: Dêr leau ik neat fan.

BEREND: In kwast ferve is itselde as in krêm, bringst ek op deselde manier oan. Plamuerje is plamuerje, oft it no op in kezyn is of op sa'n kop. En it hiele spul wat byskave en oplaapje, dat hast ommers faak genôch dien? (*de foardoar giet iepen en Neeltsje Bakker komt op, se rint mei in stôk en hiel foarsichtich*)

ALBERT: No, dêr komt krekt in gigantysk renovaasjeprojekt binnen!

BEREND: Oei, ja, dat is wol in spesjaal gefal.

ALBERT: Berend, ik fyn dit mar hielendal neat!

BEREND: Tink oan dyn fakânsje yn Diever! Dy leit no foar 't gripen!

In pear dagen en dan ha we misken al in keaper! Doch it foar dyn fakânsje! Doch it foar dyn dream!

ALBERT: In pear dagen? Dat soe miskien noch wol slagje. No toe dan mar, mar it moat net folle gekker wurde.

BEREND: Broer, do bist in keardel nei myn hert. En hoe soe it noch gekker wurde moatte dan? Ik hâld dizze beide hjir wol even oan de praat. Atsto dan even sjochst oft muoike Bella ek ergens wat teoryboeken lizzen hat, dan sjochst dêr even yn. (*Albert ôf nei de klaaikeamer, Berend rint nei de sithoeke, dêr is Neeltsje yntiid ek oanskood*)

BEREND: Sa dames, en wat kinne wy foar jim betsjutte?

NEELTSJE: In keardel? Wat moat dy keardel hjir?

BEREND: Ik wurkje hjir en sil jo graach helpe.

NEELTSJE: Do wurkest hjir? Dêr leau ik neat fan, do bist skilder, at ik it goed sjoch. My kinst net gerive, ik wenje yn in hierwenning. Trouwens, der is noch noait in keardel west dy't my geriifd hat.

BEREND: (*yn himsels*) Fynst it gek?

MVD: Nee Neeltsje, dizze man is keunstskilder en de neef fan Bella. Hy wurket hjir no en hy is noch artistyk ek. Is dat net geweldich?

BEREND: Ja, en ik sil my sa even omklaaie, want ik kom krekt út myn atelier. Ik ha wer in pear prachtige skilderijen yn elkoar griemd. Sa gau at ik my omklaaid ha, komt it allegear goed. It wie drok fanmoarn. We moasten earst noch wat oars regelje sjoch.

NEELTSJE: Ja, de begraffenis. Ik ha dy wol snoen dêr.

BEREND: Ja, slim tryst...

NEELTSJE: No, it bedjert dyn ytlust net, want ik seach datst twa plakjes keek tagelyk yn de mûle stutst.

BEREND: O, no ja, ik soe my omklaacie. (*Berend ferdwynt gau achter in gerdyn*)

NEELTSJE: Dy Bella, dat se der net mear is.

MVD: O, en wat lei se der moai by net?

NEELTSJE: Ja, hast noch moaier as doe't se noch libbe. Komt grif omdat se dizze kear sels de make-up net dien hie.

MVD: En al dy prachtige blommen!

NEELTSJE: Ja, en dat wylst se altyd lêst fan heakoarts hie. Mar ik ha har net ien kear prûsten heard. (*sjocht om har hinne*) Dus no rinne hjir keardels om?

MVD: Leuk hin. En dan ek noch fan dy artistike.

NEELTSJE: Ik moat hielendal neat fan keardels ha. Stel je foar dat se by de behanneling ek noch oan dy sitte!

MVD: Dat is twa miggen yn ien klap dus! (*Berend hat yntusken in grutte wite jas (in rôze, wat froulike jas soe noch moaier wêze fansels) oan dien en rint mei in oare jas nei Albert yn de klaaikeamer, daliks dérnei komt er mei lege hannen wer op*)

NEELTSJE: Ik kaam eins allinne foar de sinnebak.

BEREND: Dat kin mefrou, gjin probleem.

NEELTSJE: (*tsjin MVD*) Dan hoege se teminsten net mei de fikken oan je te sitten. (*Berend pakt Neeltsje by de earm en lûkt har nei de doar fan de sauna*)

NEELTSJE: No sit er doch oan my! Soe ik my earst net even omklaacie kinne? (*Neeltsje wrot har los en rint nei de doar fan de klaaikeamer*)

BEREND: Is dat noadich dan? At it gesicht mar brún is, of net? De rest hoecht gelokkich gjinien mear te sjen.

NEELTSJE: It godlike lichem dat hjirûnder sit krijsto noait te sjen!

BEREND: (*tsjin himsels*) Wer in soarch minder! (*Neeltsje giet nei de klaaikeamer*)

BEREND: (*tsjin MVD*) En wêr kinne wy jo mei gerive?

MVD: Ik wol graach in hotstone - massaazje.

BEREND: In de wat?

MVD: In hotstone – massaazje.

BEREND: Wachtsje even, dat is Ingelsk. Dat ha ik op skoalle noch hân. In massaazje mei hite stiennen?

MVD: Ja, krekt. Fyn ik altyd hearlik. Kom ik wer hielendal fan by. O, Frederik-Willem, myn man, sei altyd: Leave, do sjochst der 10 jier jonger út en...

BEREND: Ja, ja, dat is dûdlik. Ik sil even sjen wat ik dwaan kin. (*Albert komt mei in gjalp út de klaaikeamer. Hy hat in grut boek by him en hy hat no ek in wite jas oan*)

ALBERT: Ik ha neat tsjin froulik bleat, at it mar net oer datum is. (*Neeltsje komt út de klaaikeamer mei in grutte badjas oan*)

NEELTSJE: (*tsjin Berend*) Soene jo sa freonlik wêze wolle en bring my nei de sinnebank? Ik tink dat ik dat better net oan jo kollega freegje kin.

BEREND: Fansels mefrou. O ja Albert, soesto dy oare frou in hotstone – massaazje jaan kinne?

ALBERT: In de watte?

BEREND: In massaazje mei hite stiennen. Sykje mar op yn dat boek!

(*Berend mei Neeltsje nei de sauna. Albert blêdet senuwachtich yn it boek om*)

ALBERT: Hite stiennen, hite stiennen, hite stiennen.

MVD: Man, dat hoege je doch net op te sykjen? Gewoan in massaazje mei hite stiennen. Sa dreech is dat doch net? Jo as byldhouwer moatte doch alles fan stiennen witte?

ALBERT: Byldhouwer?

MVD: Ik klaai my wol even om en dan dogge jo yntusken de tariedingen. De stiennen klearlizze, se opwaarmje en sa. (*ôf nei de klaaikeamer*)

ALBERT: (*senuwachtich*) Ja, ja, stiennen, stiennen. Wachtsje even, ik seach in hiele rige stiennen bûten lizzen, by it paad del. No noch wat betinke om se waarm te meitsjen. (*Albert ôf troch de foardoar. Berend op út de sauna*)

BEREND: No, dat falt allegear wol wat ta. Gewoan de knop op ‘oan’ sette, dat is noch wol te dwaan. Mar hoe lang soe se der ûnder lizze moatte? No ja, it begjint fansels oanbaarnd te rûken. Neidiel is wol dat we sa net oan de ferbouwing ta komme. Mar ja, as je al jild fertsjinje mei it oansetten fan de sinnebank. Dat is ek net ferkeard. (*Dora Veendijk komt op troch de foardoar*)

DORA: Soa, wat in foarútgong! Manlju oer de flier!

BEREND: (*yn himsels*) O nee, noch in klant... (*dan sabeare entûsjast*) Wolkom yn ús salon mefrou. Wêr kinne we jo mei gerive?

DORA: We? Of heart dy malloat, dy’t bûten stiennen út it paad stiet lûken, der ek by?

BEREND: Hee wiisnoas, dat is myn broer Albert! Teminsten at we oer deselde malloat ha. (*sjocht troch it rút*) Ja, dat is ‘m. Wat fynt dy no wer út?

DORA: Broers dus? En wat bringt jim hjir?

BEREND: Wy hawwe de salon erfd fan muoike Bella. En eh... no  
gean wy fierder mei har levenswurk. Sa soe muoike it wolle...

DORA: Hmm, in leuke erfenis en diele troch twa. Dat is net  
ferkeard. (*tinkt even nei*)

BEREND: Och...

DORA: Ik woe eins wol in ôfspraak meitsje foar letter yn de middei...  
(*sjocht al gluorkjend*) of wa wit wol jûn.

BEREND: Eh... ja... Ik sil even sjen. Der sil hjir grif wol ergens in  
aginda lizze. (*Berend rint nei de baalje en giet der achter sitten. Hy  
slacht in aginda iepen. Yntusken komt MVD út de klaaikeamer, se  
hat in badjas aan en ferdwynt achter ien fan de gerdinen*)

BEREND: Ik sjoch hjir noch in gatsje om twa oere. Wat behanneling  
soene jo wolle?

DORA: In bikini waaks.

BEREND: O got, in b b b b.

DORA: In bikini waaks, en mei ik útsykje wa fan jim 't ik de  
behanneling dwaan litte wol?

BEREND: Eh... ja... dat kin, mar ik wit net oft it helpt. (*Albert op troch  
de foardoar mei in grutte stien. Dy bringt er mei muoite achter it  
gerdyn, dêr't MVD krekt trochgongen is. Hy komt gau werom en giet  
wer nei bûten. Mei ferbazing sjogge Berend en Dora it skouspul  
aan*)

DORA: Wêr is dy broer fan dy mei dwaande?

BEREND: Gjin idee, mar hy hat de boeken derop neislein, dus hy sil  
it wol witte.

DORA: Do bist wol de kreaste fan 't stel, is 't net?

BEREND: Dat kin net.

DORA: Wêrom net?

BEREND: We binne in ienaaïge twilling. (*Albert wer op mei in grutte  
stien en ek dy bringt er ek achter it gerdyn*)

ALBERT: Sa, dat is klear, noch even wat út it buske helje!

BEREND: Ut it buske helje?

ALBERT: Ja, ik bin der sa wer. (*ôf troch de foardoar*)

DORA: Myn keuze is op dy fallen!

BEREND: Hu? Watte?

DORA: Foar de behanneling. Do moatst it dwaan. Ik twivelje wat oan  
de kundichheid fan dyn broer...

BEREND: Ja mar!...

DORA: Mar? Ik mocht doch útsykje? En at it goed befalt, meist noch  
folle mear dwaan. (*in hiele fette knypeach, dan rint Dora nei de  
foardoar*) Oant fanmiddei! See yah! (*wer in hiele fette knypeach en  
ôf*)

BEREND: No dêr bin ik wer moai klear mei. Gjin raar fanke, mar in bikini waaks! Dat is hiel wat oars as de sinnebak oansette. O ja, even by dy beppe sjen oft se net oanbaarnt. (*Berend docht in pear stappen de kant fan de sauna op. Dan giet de telefoan. Hy draait him om en rint nei de baalje, nimt op*)

BEREND: Mei Berend... (*dan mei fluwielen stim*) Mei salon Bella, wêr kin ik jo mei gerive?... Jo wolle in ôfspraak? (*mei de hân op de hoarn*) O nee, net noch ien! (*wer yn de telefoan*) Ja, dat kin... (*Albert komt op mei in grutte gasbrander en in noch folle gruttere gasflesse. Berend sjocht him alhiel ferheard achternei at er achter it gerdyn ferdwynt*)

BEREND: Wat seine jo? Ik waard even ôflieden... Jo wolle aansen delkomme om jo fuotten te harsen?... Ja, dat kin, dogge we dageliks... eh... ja, dan sjoch ik jo dan. (*leit del en pakt it grutte teoryboek*) Dit rint finaal út de hân! Fuotten harse, wêr fyn ik dat? (*panyk*) O, wachtsje, earst even by beppe sjen, dy leit dêr ek noch te bakken! (*Berend nei de doar fan de sauna. Dan komt Suzan Beenstra op troch de foardoar*)

BEREND: O nee, net noch mear klanten!

SUZAN: Klant? Ikke? Nee hear, ik kom hjir foar de staazje. Ik bin Suzan Beenstra.

BEREND: Ik bin Berend Duursma. Staazje?

SUZAN: Ja kloppet. Ik doch de oplieding foar skientmespesjaliste en dêrfoar moat ik fansels ek staazjerinne. De frou dêr't ik mei praat ha wit der wol mear fan.

BEREND: O, no dy is der no even net. Dy is der tuskenút knypt. Mar in stazjêr. Dit is ús rôding!

SUZAN: Hoe bedoele jo?

BEREND: O neat. Mar it is nochal drok sjochst. In pear helpende DESKUNDIGE hinnen binne altyd wolkom.

SUZAN: Ja, dit berop is echt myn passy. As jong fanke die ik al massaazjes en dan wiene myn poppen de klanten.

BEREND: Ja, ja, ja, hiel leuk, mar aansen komt der in frou dy wol de fuotten harse litte. Moai putsje foar dy.

SUZAN: O jee, moat ik al direkt wat by in klant dwaan?

BEREND: Fansels, we ha hjir gjin poppen. Mar fanke, dat stelt neat foar. Dat dochst sa even. Ik doch dat altyd mei twa fingers yn de noas.

SUZAN: Ik bin noch mar krekt mei dy oplieding begongen hear. Kin ik dat earst net even út probearje of sa?

BEREND: Ut probearje?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**